

FRYSLAN-A EKSAMEN

16 april 2016

II Tekstbegryp, taaleigen-, ynterferinsje- en oersetopdrachten (60 min.)

Opromming by museums

In protte fan de Fryske skatten is net te sjen. Se steane of lizze op souders of yn kelders fan museums. In museum fielde it as plicht om te sammeljen en te bewarjen. Mar dat komt oars. Der
5 *wurdt opromme.*

Sammelje en bewarje, dat siet foaral yn de hollen fan de minsken dy't der by museums oer beslute moasten. It wie in taboe om skinkingen te wegerjen. Oer de fraach oft in skinking in gaadlike oanfolling wie, hoegde dan ek net neitocht te wurden.

10 It ôfstjitten fan in part fan de kolleksje, dêr waard leaver hielendal it swijen ta dien. In museum fielde it as plicht om te sammeljen en te bewarjen. De minsken soene net oars ferwachtsje, de skinkers alhielendal net.

By it ynkommen yn it nije millennium is it tinken dêroer feroare. Yn lytse stapkes, want foar in protte Friezen jildt dat in museum der no krekt wól foar is om kultureel erfgoed dat beskikber is
15 te bewarjen.

Noch hieltyd is de fraach aktueel hoefolle floddermûtsen oft der yn Fryslân bewarre bleaun wurde moatte. Fryslân wie yn it ferline gauris te lyts, doe't ferskate direkteuren fan it Fries Museum dêroer de kat yn de gerdinen jagen.

20 De floddermûtsen binne de karikatuer wurden fan it sammelbelied fan museums, dat yn de foarige iuw út 'e hân rûn is. It Fries Museum strûpte ûnder. It akseptearre hast alles wat it krige oan legaten en skinkingen. No giet it oars. Oan floddermûtsen ha se genôch, se hoege net noch mear. Der is in streep lutsen.

Te lang hawwe Fryske museums en âldheidskeamers alles mar garre. Mar wat dan? It twingt
25 de konservators en direkteuren fan de museums ta in antwurd. De konklúzje fan no is dat it better is om op te romjen, om de souders leech te heljen, om regaad te meitsjen. Dêrfoar moat it taboe oan 'e kant.

Der hat al hiel wat wetter troch de Tsjonger streamd, ear't dêr oars oer tinken mooglik wie, sa wurdt dúdlik fan konservator Marjan Brouwer fan Museum Martena en meiwurkers fan
30 Museumfederatie Fryslân. Mar no wurdt dochs sjoen dat ûntsammeljen de bêste oplossing is. It klinkt negatyf, mar it is de útkomst fan in folle dúdliker koers fan museums.

Ut: 'Opromming by musea' fan Bert de Jong yn *de Moanne* fan septimber 2015 (in bytsje oanpast)

TEKSTBEGRYP

A. Lês de tekst goed troch en beäntwurdzje de fragen yn it Frysk yn folsleine sinnen. Mei-inoar kinne 23 punten helle wurde.

1. Hoe tochten de minsken fan de museums hiel lang / oant foar koart oer skinkingen? (3 punten)
2. Wat wurdt bedoeld mei: 'Dêr waard leaver hielendal it swijen ta dien' (r. 10)? (2 punten)
3. Wannear is it tinken dêroer feroare? (2 punten)
4. Wêrom feroaret de situaasje yn lytse stapkes (r. 13)? (2 punten)
5. a. Wat wol de skriuwer mei syn opmerkingen oer floddermûtsen dúdlik meitsje? (1 punt)
b. Wat wurdt bedoeld mei 'Der is in streep lutsen' (r. 22)? (2 punten)
6. Wêr is alles wat no op seal sjen litten wurde kin? (2 punten)

7. Hoe moat it neffens de konservators en direkteuren fierder? (2 punten)
8. Wêrom hat de skriuwer it oer it wetter fan de Tsjonger? (2 punten)
9. a. Foar de bêste oplossing hawwe se in typysk 'modern' wurd brûkt. Hokker? (1 punt)
b. Lis út wêrom 't dat wurd neffens de skriuwer negatyf klinkt. (2 punten)
10. Wat soe in folle dúdliker koers (r. 31) ynhâlde kinne? (2 punten)

TAALEIGEN

B. Jou mei eigen wurden de betsjutting of omskriuwing fan ûndersteande wurden út de tekst. Mei-inoar 20 punten.

- | | | |
|---------------------|--------------------------|---------------------|
| 1. gaadlike (r. 9) | 5. strûpte ûnder (r. 20) | 9. ear't (r. 28) |
| 2. ynkommen (r. 13) | 6. garre (r. 24) | 10. útkomst (r. 31) |
| 3. gauris (r. 17) | 7. souder (r. 26) | |
| 4. ferskate (r. 17) | 8. regaad (r. 26) | |

*C. Meitsje de sin folslein mei ien fan de beide wurden tusken heakjes. Skriuw **allinne** it goede wurd op. Mei-inoar 20 punten.*

1. It is mar goed dat mem net seach dat de bern temûk yn in hoekje sieten te (slingen, snobjen).
2. De man dy't al wiken oan it ferbouwen wie, sei dat it mar net (einigje, eine) woe.
3. Wy meitsje sneintemoarns gauris in kuier troch (de bosk, it bosk).
4. Myn ljochte broek ha 'k noch mar in pear kear oan hân en no wurdt er al (snústerich, suterich).
5. It tou siet al yn 'e (tiis, war), doe't ik it kocht.
6. It fleantúch, dat earne yn it lân (telâne, terjochte) kaam, wie net folle mear fan oer.
7. Doe't de trein foarby wie, woene de (spoarboenen, spoarbeammen) net omheech.
8. Master hie al faker sein dat se moai op de (regel, rigel) skriuwe moast.
9. It iis, dêr't wy al lang net mear op ride koene, woe mar net (teie, smelte).
10. Wy bleaune op de (pleats, buorkerij) wenjen, doe't heit fee en lân ferkocht hie.

D. Jou it meartal en it ferlytsingswurd fan ûndersteande haadwurden. Mei-inoar 20 punten.

- | | | | | |
|------------|---------|---------|------------|-----------|
| 1. ding | 3. jas | 5. doar | 7. bedriuw | 9. flagge |
| 2. bjinder | 4. daam | 6. do | 8. paad | 10. hoed |

OERSETOPDRACHT

E. Set de neikommende sinnen oer yn geef Frysk. Mei-inoar 15 punten.

1. Jan en ik moeten morgen samen naar Leeuwarden, maar daar heb ik niet zoveel zin in.
2. Wij gaan in de zomer met een zeilschip over het IJsselmeer naar Amsterdam varen.
3. Vanuit de kamer kun je net de kinderen tegen de wind in zien fietsen.
4. Het viel niet mee om hem niet meer in Sinterklaas te laten geloven.
5. De kinderen van mijn broer Klaas logeren twee weken bij hun opa en oma.

YNTERFERINSJES

F. Meitsje geef Frysk fan ûndersteande sinnen. Ien punt foar elke goede ferbettering.

1. Volgens my falt it dy tsjin dat sy stopje woene.
2. Namens de famylje fregje ik omtinken foar de resepsje fanôf acht oere.
3. It famke dat al folle pillen slikke moat, krige fan de dokter wat tsjin it hoastjen.
4. Mei de kryst skaatse wy mei de bern fan de buorren njonken ús op natueriis.
5. Nynke stie om tsien foar healwei sân en op, wylst it noch donker wie.